

It Oera Linda boek



Kategory	Karren
Titel	It Oera Linda boek - Het Oera Linda boek - The Oera Linda book
Doelstelling	Mei dizze aktiviteit leare de learlingen oer it Oera linda boek en oer de betrouberens fan boarnen.
Doelgroep	Ûnderbou
Fak	Skiednis Frysk
Doer	35-55 min
Link mei curriculum	Ferbûn oan tema: Fryske Kanon
Talen	Frysk, Nederlânsk
Link mei FREPA	Kennis oer talen yn Fryslân, Europa en de wrâld
Feardichheden	Harkje, lêze, sprekke
Teoretyske ûnderbouwing	Ymmersje, translanguaging
Beskriuwing aktiviteit	<p>Stap 1: Yntroduksje (10-15 min)</p> <ul style="list-style-type: none"> • Helje de foarkennis fan de learlingen op: <ul style="list-style-type: none"> - Wat is in boarne? - Hoe kinste witte oft in boarne doocht? - Wêroan kinste sjen dat in boarne betrouber is? - Wat binne oarsaken en gefolgen? - Hasto wol ris heard oer it Oera Linda Boek? • Lit it filmke sjen (FR) • Stel wer in oantal fragen (ek oer it filmke): <ul style="list-style-type: none"> - Wat witst no oer it Oera Linda Boek? - Yn hokker tiidfinster fan de skiednis wurd dit boek publisearre? Oer hokker tiidfinster wurdt er yn it boek skreaun? - Wat kinste no sizze oer de betrouberens fan dizze boarne? - Wat soesto noch mear witte wolle oer dit boek? • Bename it doel fan de les: Ik lear wat it Oera Linda Boek is, yn hokker tiidfinster it past en hokker oarsaken en gefolgen by dizze boarne hearre. Ik lear wannear't in boarne betrouber is en hoe ik dat mjitte kin.

It Oera Linda boek

Kategory	Karren
Beskriuwing aktiviteit	<p>Stap 2: Kearn (20-30 min)</p> <ul style="list-style-type: none"> • Lês mei inoar de tekst op it wurkblêd by opdracht 1. De tekst giet oer it Oera Linda Boek. • Praat oer de tekst. Binne der fragen? • De learlingen jouwe antwurd op de fragen by opdracht 1. • Gean fierder mei opdracht 2. De learlingen sille no op in oare manier nei it Oera Linda boek sjen. Lês de ynformaasje by de opdracht mei de learlingen. Lit se dernei sels de opdrachten meitsje. • Lis opdracht 3 út: De learlingen gean sels mear ynformaasje sykje oer it Oera Linda Boek. Dit kin bygelyks fia ûndersteande websiden: http://www.11en30.nu/de-canon-vensters/het-oera-linda-boek (NL) http://www.11en30.nu/de-kanon-finsters/it-oera-linda-boek?language=fri https://www.tresoar.nl/ontdek/Oera-Linda-Boek-Vervalsing-of-echt/Pages/HomePage.aspx (NL) https://www.tresoar.nl/ontdek/Oera-Linda-Boek-Ferfalsking-of-echt-/Pages/HomePage.aspx (FR) <p>Tink derom dat de learlingen de boarnen dy't se fine beoardielen op betrouberens.</p> <p>Stap 3: Ofslúting (5-10 min)</p> <ul style="list-style-type: none"> • Lit de learlingen koart fertelle of presintearje wat se fûn hawwe oer it Oera Linda Boek. Is it boek betrouber of net? Wêrom wol/net? Wat binne de oarsaken en gefolgen? Wêrom binne der minsken dy't dit boek wol leauwe? • Bepaat opdracht 1 en 2 om te kontrolearje oft de doelen fan de les helle binne: <ul style="list-style-type: none"> - Wat hasto leard oer it Oera Linda Boek? - Wat wie de direkte oanlieding foar it publisearre fan it boek? - Wat wie in gefolch fan de publikaasje fan it boek? - Wannear kinsto sizze dat in boarne betrouber is?
Materialen	<ul style="list-style-type: none"> • Wurkblêd 1, 2 en 3 - It Oera Linda Boek • Filmke: https://www.youtube.com/watch?v=FRK2qm9M7HU&feature=youtu.be
Tips	<ul style="list-style-type: none"> • Mear ynformaasje/Boarnen dy't brûkt binne: http://www.11en30.nu/de-canon-vensters/het-oera-linda-boek (NL) http://www.11en30.nu/de-kanon-finsters/it-oera-linda-boek?language=fri https://www.tresoar.nl/ontdek/Oera-Linda-Boek-Vervalsing-of-echt/Pages/HomePage.aspx (NL) https://www.tresoar.nl/ontdek/Oera-Linda-Boek-Ferfalsking-of-echt-/Pages/HomePage.aspx (FR) • Ekstra: <ul style="list-style-type: none"> - Lit de learlingen in presintaasje meitsje oer in Fryske boarne. Bepaat de ynhâld fan de boarne, de oarsaken/gefolgen en de betrouberens. - Opdracht 3 kin ek mei jaan wurde as húswurk. De learlingen kinne dit dan yn in folgjende les presintearje. - Aktyf spultsje om te leare om goede fragen te stellen oer de betrouberens fan in boarne: Ferdiel de klasse yn groepkes fan trije. Lit elk trijetal koart oerlizze en fregje dan elke groep om en om nei foaren. Elke learling út in groepke fertelt koart oer in eigen ûnderfining. Twa fan de trije ûnderfiningen binne wol betrouber, ien is in ferfalsking. Elke learling mei ien fraach stelt wurde troch in learling út de rest fan de klasse. De klasse kin no riede hokker ûnderfining net betrouber is.

Opdracht 1: It Oera Linda Boek

Tekst

It is it jier 1867 wannear it geheimsinnige 'Oera Linda Boek' publisearre wurdt. It boek beskriuwt de grutte skiednis fan de Friezen as basis foar alle Europeeske beskavingen. De Friezen binne it neiteam* fan Frya, ien fan de oeremmen dy't beneamd binne troch de oppergod Wralta. Sûnder de Friezen soenen it Grykske alfabet en de demokrasy der net west ha. It boek is skreaun yn in nep runeskrift, op âld papier en selsbetocht âld-Frysk. Yn de 19de iuw hiene de minsken der ferlet fan om mear te witte oer harren komôf en harren lân. It 'Oera Linda Boek' joech antwurd op de fragen fan de Friezen. De gelearden út de 19de iuw wiene net oertsjûge fan de echtheid fan it boek. In soad minsken wiene wol oertsjûge dat it 'Oera Linda Boek' de wierheid skreau oer de Fryske skiednis. Ek yn it bûtenlân wiene der in soad minsken dy't dit leauden. It boek waard oerset yn oare talen njonken it Frysk en it Nederlânsk.

In tiid lang wie de skriuwer fan it boek ûnbekend. Ferskillende minsken wurden oanwiisd as mooglike oplichter. Nei 137 jier skriuwt Goffe Jensma, in professor út Grins, dat François Haverschmidt de skriuwer wêze moat. Haverschmidt, dy't ek bekend is ûnder de namme Piet Paaltjens, wie dominy yn Foudgum en letter ek Den Helder. Hy fûn dat de Bibel net letterlik nommen wurde moast. Yn it 'Oera Linda boek' wurdt dyselde boadskip brocht. Jensma fynt dat it boek perfekt past by Haverschmidt. Mei hûndert persint wissichheid kinne we dit noch net sizze, ek om't Haverschmidt oant syn dea sein hat dat er neat te dwaan hie mei it boek. Hjoed-de-dei tinkt men dat Haverschmidt it boek skreaun hat om syn gemeente in leske te leare. Mei help fan timmerman Cornelis over de Linden en taalkundige Eelco Verwijs, dy't hy troffen hat yn Den Helder, is it boek publisearre. Dat it boek troch in soad minsken leud wurde soe en feroarje soe yn in nije Fryske 'Bibel' hie Haverschmidt fêst net betocht.

*it neiteam - het nageslacht, de afstammelingen

Boarnen:

- Tresoar (z.j.). Oera Linda Boek Ferfalsking of echt? Rieplachte fia <https://www.tresoar.nl/ontdek/Oera-Linda-Boek-Ferfalsking-of-echt-/Pages/HomePage.aspx>
- NRC.nl (2004). 'Paaltjens schrijver Oera Linda'. Rieplachte fia <https://www.nrc.nl/nieuws/2004/11/24/paaltjens-schrijver-oera-linda-7712075-a156252>
- De Kanon fan de Fryske Skiednis. (z.j.). It Oera Linda-boek: It mystifisearre Fryslân. Rieplachte fia <http://www.11en30.nu/de-kanon-finsters/it-oera-linda-boek?language=frl>

Fragen:

- Wat is it Oera Linda boek? Wêr giet it boek oer?
- In hokker tiid past dit boek (tiidfek)?
- Wêrom waard dit boek troch in soad minsken leud?
- Wêrom hat de skriuwer it boek skreaun? Wat is de oarsaak?
- Wat barde er nei de publikaasje fan it boek? Wat is it gefolch?
- Tinksto dat Jensma gelyk hat oer François Haverschmidt as skriuwer fan it boek? Wêrom wol/net?
- Wat direkt foarôfge oan in situaasje, neamst ek wol de direkte oanlieding. Kinst ek sizze dat de direkte oanlieding de drip is dy't de amer oerstreame docht. Wat soarge derfoar dat de skriuwer it boek publisearre liet?

Wurkblêd 2 - It Oera Linda boek (Skiednis)

Opdracht 2: Betroubere boarnen

Utlis

Sûnt it gebrûk fan it ynternet kin men in hiel soad ferskillende boarnen besjen. Mar tink derom! Net alle ynformaasje dy't men op it ynternet fine kin, is betrouber. Ek âlde boarnen fan eartiids, lykas boeken, printen of foarwerpen, binne net altyd betrouber. Krekt as no wiene der eartiids ek al minsken dy't boarnen ferfalskje of sels boarnen folslein betinke koene. Om de betrouberens fan in boarne te kontrolearje kinste ferskillende fragen stelle:

Folje ûndersteande tabel yn oer it Oera Linda boek:

Wa is de skriuwer?	Hokker funksje/rol hie hy?	
	Wie hy eachtsjûge fan it foarfal wêr't er oer skriuwt?	
	Oer hokker ynformaasje koe hy beskikke?	
Wannear is de boarne makke?	Is de boarne makke wylst it foarfal barde of pas (folle) letter?	
Wêr is de boarne makke?	Is de boarne makke yn de direkte omjouwing fan it foarfal?	
Hokker soarte boarne is it?	Deiboek, brief, krante-artikel, feitlik ferslach, propagandamateriaal, offisjeel dokumint, ensfh.	
Wat is it doel fan de boarne?	Om te ynformearje, om te oertsjûge, om te amusearje, om propaganda te ferspriede, ensfh.	
	Foar hokker publyk is de boarne makke?	
Wêr kinst de boarne foar brûke	Hokke fragen wurde beäntwurde mei de ynformaasje út de boarne?	
Is de boarne represintatyf?	Past de ynformaasje út de boarne by de hiele groep wêr't de ynformaasje oer giet?	
Is de boarne betrouber?	Hasto in reden om te twivelje oan de betrouberens fan de boarne? Hat de skriuwer in reden om it foarfal oars te omskriuwen dan it yn wurklikheid wie?	

Nei it ynfolje fan de tabel:

Fynste it Oera Linda Boek betrouber? Wêrom wol/net?

.....

.....

.....

.....

.....

